

De Treffer

klupblêd fan fuotbalferiening SDS

Foto's foarside

Treffer:

Henk Bootsma

Jiergong 52 nûmer 1

oktober 2021



Redaksje:

Tryntsje Bouma
Metsje Huitema
Willem Wijnia
Tjerk van der Pol
Fakatuere

Adres:

Gabbemastraat 21, 8701EE Boalsert
Swingoerd 33, 8731 CV Wommels
De Homeie 27, 8731 EC Wommels
Geins 5, 8731 CR Wommels

tillefoan:

06-21467278
0515-333295
0515-331444
06-40614250

Fêste stikjesskriuwers; Aant, Steven, Habtamu en Kees.

Internetredaksje:

Aant Hofstra: aant@vv-sds.nl

Willem Wijnia: willem@vv-sds.nl

Bestjoer:

Willem Wijnia
Tryntsje Bouma
Henk Postma
Tjerk van der Pol
Syb Overal
Anco Elgersma
Bauke de Boer
Jaap Toering
Marco Groothof

De Homeie 27, 8731 EC Wommels
Gabbemastraat 21, 8701EE Boalsert
Stapertstrjitte 37, 8731 CA Wommels
Geins 5, 8731 CR Wommels
Streek 30, 8734 GR Easterein
Ysgumerweg 10, 8764 PS Dedgum
A.Joustrastrjitte 10, 8734 GJ Easterein
It Noard 21A, 8731 BB Wommels
Wynserdyk 43, 8734 GE Easterein

tillefoan:

0515-331444
06-21467278
06-51679033
06-40614250
06-33030042
06-39805090
0515-332555
06-10695193
06-10562399

funksje:

Foarsitter
Skriuwer
Ponghâlder
Foarsitter jongerein
Wedstrydsekretaris
Ledenadministraasje
PR en Reklame
Sen./Technyske saken
Terrein/Skoalleseize

Jongereinkommisje: funksje:

Tjerk van der Pol
Marjo Groothof
Lize Schuurmans
Anneke Gaastra

Foarsitter
Algemiën lid
Algemiën lid
Algemiën lid

E-mailadressen:

Foarsitter@vv-sds.nl

Ponghalder@vv-sds.nl

PRcommissie@vv-sds.nl

Wedstriidsekretaris@vv-sds.nl

Ledenadministraasje@vv-sds.nl

Sekretaris@vv-sds.nl

TC-foarsitter@vv-sds.nl

Foarsitter-jeugd@vv-sds.nl

Accommodatie@vv-sds.nl

=> Willem Wijnia

=> Henk Postma

=> Bauke de Boer

=> Syb Overal

=> Anco Elgersma

=> Tryntsje Bouma

=> Jaap Toering

=> Tjerk van der Pol

=> Marco Groothof

Sponsor- c.q. PR-kommisje

Bauke de Boer

Hendrik Engbreghof

Johan Postma & Allert Turksma

Shirtsponsoring, reklamebuorden en Freonen fan
SDS (PRcommissie@vv-sds.nl)

Treffer en webside

Wedstriidstipers SDS 1

Wedstrydsekretariaat

Senioaren, seal en de jeugd:

Syb Overal, Streek 30, 8734 GR Easterein, tel: 06-33030042

Skiedsrjochterkoördinator:

Enne-Johannes Bruinsma, De Singel 12, 8734 HR, Easterein 06-29974138

Akkomodaasje:

Sportpark "De Skoalleseize", 't Heechhiem 11, 8734 GS Easterein, tel. 0515-331700

(SDSkantine@gmail.com)

Fersoarging terrein:

Andries Stuiver A.Joustrastrjitte 4, 8734 GJ Easterein 0515-332872

tillefoan:

Fersoarging materialen:

Klaas de Haan, Klaas Overal, Lolke Bouma en Willem Twijnstra

Konsul:

Pier Faber 't Heechhiem 3, 8734 GS Easterein 0515-331750

Aktiviteitenkommisje:

Wa mar wol!

Bankrelaasje: NL60RABO0349501033

Rabobank Sneek –ZuidwestFriesland.

Ferieningsnûmer KNVB: BB BG 32H

Korrespondinsje besoarging Treffer:

Easterein:	Hester Hiemstra, Skoallestrjitte 10, 8734 GM, Easterein	
	K. en H. Meijer, Wynserdyk 19, 8734 GE Easterein	0515-332278
Wommels:	Fam. Sytsma, Roede 27, 8731 CT Wommels	0515-332905
	Fam. Boonstra, Hofkamp 14, 8731 BV Wommels	0515-331615
Itens/Hinnaard:	Sjoerd Boonstra, Hearedyk 59, 8735 HP Itens	0515-332457
Reahûs/Turns/Hidaard:	Fam. Gerbrandy, Sanleansterdyk 24, 8736 JB Reahûs	0515-332910
Spannum:	Hendrik Eringa, Wijniastrijtte 4, 8843 KM Spannum	06-52282533
Winsum:	Sybrén Wassenaar, Hege Terp 13, 8831 XT Winsum	0517-341886
Kûbaard:	Auke Eringa, De Ljurk 13, 8731 EJ Wommels	0515- 332649
Oare plakken:	Metsje Huitema, Swingoerd 33, 8731 CV Wommels	0515-333295

Kontribúsje(per 1/1/2020) :

Senioren fjildfuotbal:	€ 70,-	it healjier
Senioren sealfuotbal:	€ 49,-	it healjier
Junioren O19 en O17:	€ 55,-	it healjier
Junioren O15:	€ 46,-	it healjier
Pupillen O13 en O11:	€ 38,-	it healjier
Pupillen O9:	€ 33,-	it healjier

Foar de jongerein jildt fanôf it twadde bern 20% koarting

Dizze kontribúsjebedragen binne eksklusyf de bijdrage foar it kleanfûns. Dizze betreft foar senioarenleden €6,- en junioarenleden €5,- per heal jier.

By de earstehealjiers-kontribúsje wurdt ek €6,- foar de Grote Clubactie ôfskreaun.

Dizze 2 lotten krije je fan je leider en kinne efentueel je ferkeapje.

Tagong wedstriden earste âlvetal € 3,- Dêr sit dan in programmaboekje bij.

Foar leden, sponsers en freonen fan SDS is de tagong **fergees**.

In programmaboekje kostet foar leden, sponsers en freonen fan SDS **€1,-**.

Mei it nûmer fan it programmaboekje meitsje je kans op drûge woarsten.

Freonen fan SDS

Foar € 50,- yn it jier wurde jo Freon fan SDS. Jo krije dêrfoar ús klupblêd, "de Treffer", fergees tastjoerd, jo komme op it 'Freonenboerd' en jo hawwe by kompetysjewedstriden fan ús earste âlvetal frij tagong. Foar nijere ynljochtings kinne jo skilje mei Bauke de Boer 0515-332555

Stipers

Mear ynformaasje by Bauke de Boer (0515-332555)

Oanmelding nije leden:

Aspirant **jongereinleden**, aspirant **senioren (fjildfuotbal)** en aspirant **sealfuotballers** kinne harren oanmelde/ôfmelde fia de webside www.vv-sds.nl fia "**oan-/ôfmelde**". Njonken in oanmeldingsformulier moat ek in kopy fan in offisjeel legitimaasjebewiis (mei pasfoto) ynlevere wurde.

By fragen kinne je kontakt opnimme mei Anco Elgersma.

Ôfmelde:

Under de kop oan-/ôfmelde stiet ek de link foar as je je spitich genôch ôfmelde moatte/wolle Allinich op dizze wize kinne jim ôfmelden wurde (dus net fia in lieder of sa)

Hjirfoar binne twa data: **foar 1 maaie** en foar **1 desimber**.

By te let ôfmelde moat der noch foar in heal jier betelle wurde, dit is omdat SDS dan ek jild ôfdrage moat oan de KNVB.

De lêste ynleverdei foar **kopij** foar it folgende nûmer is:

Begjin desimber 2021

Jo kinne de kopij ynleverje by ien fan 'e redaksjeleden.

Leafst oer de E-mail.

E-mail adres : detreffer@vv-sds.nl

Fan de Trefferredaksje

Wat letter as jim wend binne is hjir de earste Treffer fan it nije seizoen. Wy hawwe der wer bliksemfolle nocht yn. Somtiden wurde de útkomst fan de Treffer útsteld om it nijste nijs of ferslach noch mei te nimmen, mar op in gefegeen momint bliuwe je útstellen as der hieltiten safolle te rêden is.

Yn dizze Treffer fansels de aginda foar de ledengearkomst en dêrneist in petear mei de nije trainers fan SDS Vr.1, stelle wy Sippie Sijbesma foar as kontaktpersoan foar de nije Nederlanners, binne wy benijd hoe 't it mei âld-SDS'er Arjan Posthumus giet, freegje wy ús ôf hoe 't it mei Jan Stenekes is nei syn bal op de holle mei in wedstriid fan SDS 1, binne wy benijd as Mark Postma him wat rêdt mei 3 froulju, sjogge wy by it sealfuotbal en binne der de fêste rubriken lykas de look-a-likes, Kees'Kollum, de Hite nûtsjes, de topskoorderslist en de aginda.

Yn de Kryst-Treffer kinne jim alles lêze oer it frouljustoernoai fan 12 novimber!

Mar in soad lêswille tawinske en bliuw sûn!
(WW)



Ledengearkomst vv SDS	In kraammandsje bringe by Mark	Lege plestik fleskes sparje
		
side 6	side 19	side 21

Ynhâld

<i>Fan de redaksje.....</i>	<i>3</i>
<i>Fan it bestjoer</i>	<i>5</i>
<i>Gearwurking mei sc Heerenveen</i>	<i>5</i>
<i>Utnoeging SDS-ledengearkomst.....</i>	<i>6</i>
<i>Oan it wurd: Johan Wittermans en Richard de Greef.....</i>	<i>7</i>
<i>Op syk nei âlde Treffers</i>	<i>9</i>
<i>It 27^e Meinte-Sixmatoernoai</i>	<i>10</i>
<i>SDS'er om útiens: Arjan Posthumus</i>	<i>12</i>
<i>Hite nûtsjes.....</i>	<i>15</i>
<i>Sealfuotbal.....</i>	<i>17</i>
<i>In fruitmandsje bringe by Jan Stenekes</i>	<i>18</i>
<i>In kraammandsje bringe by Mark Postma</i>	<i>19</i>
<i>Kontaktpersoan Sippie Sijbesma</i>	<i>20</i>
<i>Plestik fleskes sparje foar in pannakoai!.....</i>	<i>21</i>
<i>SDS-Klean.....</i>	<i>22</i>
<i>Persoanlik; Sander Vriesema</i>	<i>24</i>
<i>SDS -Look-a-likes(31)</i>	<i>26</i>
<i>Kees'Kollum; 'G20'</i>	<i>27</i>
<i>SDS en GEKE</i>	<i>28</i>
<i>SDS-webside bestiet 19 jier</i>	<i>29</i>
<i>Ut de âlde doaze.....</i>	<i>30</i>
<i>Doelpuntenmakers senioaren kompetysje 2021-2022</i>	<i>31</i>
<i>Aginda</i>	<i>32</i>

Fan it bestjoer

It seizoen is wer drok dwaande en wat binne wy bliid om elkenien wer te sjen. De earste kompetysjewedstriden binne west en it tradisjonele Meinte-Sixmatoernoai ek alwer, 20 novimber sil der in SDS-kleanútferkeap wêze en wy hawwe ien en oar op tou stean foar it 75-jierrich bestean fan vv SDS folgend jier. Sa wolle wy wat spesjaals dwaan op de nijjerssit fan 8 jannewaris en is der 18 maart in spesjale sponserjûn. Mar ja.....

Freed 12 novimber is it kabinet wer mei nije maatrigels kommen oangeande de Korona. Wat soe it spitich wêze as dat betsjut dat wy wer in skoftke net balje kinne. Wy hoopje dat der yn elts gefal yn de bûtenloft fuotballe wurde kin, mar boppe-al dat elkenien sûn bliuwt.



Hâld de SDS-webside goed yn de gaten foar it alderlêste SDS-nijs!

Oant 24 novimber op de SDS-ledengearkomst!

Ut namme fan it SDS-bestjoer,
Willem Wijnia

Gearwurking mei sc Heerenveen

SDS hat noch altiten in gearwurking mei sc Heerenveen. Sa kinne SDS-leden sa no en dan bygelyks foar in skaplijeke priis kaartsjes helje foar sc Heerenveen. By it drukken fan dizze Treffer is it noch net wis as de stadions fol meie op snein 28 novimber, mar oars kinne je der al foar 10 euries hinne. Je kinne de kaarten hjir bestelle:

<https://ticketing.sc-heerenveen.nl/sportiefpartner>

Fan dy €10,- giet der dan ek noch €2,- nei SDS. In win-win-sitewaasje soenen je sizze. No moat sc Heerenveen noch winne! ;)





Útnoeging ledengearkomst

*fan fuotbalferiening SDS op
woansdei 24 novimber 2021*

*Jûns om acht oere yn'e kantine op Sportpark
de Skoalleseize.*

Foarearste wurklist:

1. Iepening
2. Fêststellen wurklist
3. Meidielings en/of reaksjes op de notulen en it jierferslach **
4. Ferslach fan de sponsorkommisje
5. Ferslach fan de jongereinkommisje
6. Jierferslach fan de ponghâlder en fêststellen begrúting
7. Ferslach kaskommisje en beneamen nij kommisjelid
8. Fêststellen kontribusje.
 - Innen fan kontribúsje yn septimber en febrewaris
 - Sealkontribúsje fergees foar fjildfuotballers

SKOFT

9. Bestjoersferkiezing: ôftredend en net op 'e nij te
beneamen: Tjerk van der Pol en Anco Elgersma
10. Skoalleseize
11. Rûnfraach
12. Slúting

** It ferslach fan de foarige ledengearkomste kinne jimme
opfreegje fia info@vv-sds.nl. Y.f.m. de Korona is der mar in lyts
jierferslach

Sterk Door Samenspel; dus oant sjen op woansdei 24 novimber!
It bestjoer.

(sjoch foar de definitive aginda op www.vv-sds.nl)

Oan it wurd: Johan Wittermans en Richard de Greef



By SDS Vr.1 hawwe wy sûnt fan 't s immer in nij trainersko ppel. Trainer Johan Wittermans en Richard de Greef steane foar de groep froulju en famkes. Sy komme út Snits en jim hawwe harren fêst alris op it sportkompleks sjoen, want sy binne der moandeis en woansdeis



om de froulju te trainen en binne de hiele sneon op de Skoalleseize om mei de froulju te baljen, mar ek om by oare wedstriden te sjen.

Johan, by welke oare klups hasto trainer west en hasto sels ek fuotballe?

Ik haw sels jierren by Scharnegoutum fuotballe en dêrnei by Black Boys en WZS. Hjir bin ik ek begûn as trainer en fia sc Joure en Sneek-Wit-Zwart bin ik by SDS bedarre.

Richard, hasto ek fuotballe?

Ik heb een beetje gezaalvoetbald, maar vooral veel gehonkbald.

Hoe binne jim sa tegearre kommen?

Johan: Ik wie trainer fan de froulju fan Sneek-Wit-Zwart doe 't ik te meitsjen krige mei Richard as koördinator by de famkes.

Richard: Mijn dochter en beide zoons voetballen bij Sneek-Wit-Zwart. Ik wilde wel wat doen als jeugdtrainer, maar wilde absoluut geen trainer van mijn eigen kinderen zijn. Ik ben begonnen bij de F4 en heb daarna verscheidene teams getraind. Soms wel een hele avond lang meerdere teams achter elkaar. Als koördinator van de MO13 kreeg ik te maken met Johan.

Hoe fulle jim mekoar oan as trainer en assistent?

Richard: Johan is duidelijk de trainer met de papieren. Ik train al jaren met hem en ik leer nog altijd van hem. Hij is er echt voor het voetbaltechnische gedeelte. Mijn taak is meer om de dames enthousiast te maken voor het voetbal en enthousiast te houden. Voetbal doe je uiteindelijk ook voor je plezier. Daarnaast probeer ik ze wat voetbalgogme bij te brengen.

Wat is it grutste ferskil tusken SDS en Sneek-Wit-Zwart?

Johan: Der is foaral in ferskil yn mentaliteit. De froulju romje hjir nei it trainen mei syn allen de ballen op. Dat slagge ús by SWZ faak net. Hjir liket soks normaal. Dat liket ek in ferskil tusken stêd en doarp. De froulju binne hjir wat

beskiedener.

Richard: Mooi om te zien dat er bij SDS gelijk wordt omgegaan tussen de heren en de dames. Er wordt niet op de dames neer gekeken. Daarnaast valt ons de gemoedelijkheid bij de club op.

Wat is jim doel as trainers fan Vr.1?

It doel is om in goed fuotbaljend team te meitsjen wat yn de nabije takomst in stabile 3e-Klasse-ploech wurde moat.

Plezier en prestaasje spylje hjir yn in grutte faktor.

It sjocht der mar kreas út by Vr.1 mei nije trainingspakken en sels nije tassen!

It dames 1 team beskouwe wy as in seleksjeteam en dan moatte je der ek wat netsjes op stean. It is ek in fisitekaartsje foar de klup.

Troch in goeie organisaasje rûn de froulju hoopje wy dat der mear froulju en famkes by SDS komme te fuotbaljen.

De Vr.1 docht net mei oan it OFK yn jannewaris?

Wy hawwe in smelle seleksje en de kans op blessures is frij grut. Dêrneist moatte wy ein jannewaris alwer los foar de kompetysje.

Op freed 12 novimber is der in frouljustoernoai? Wat hâld dit yn?

It frouljustoernoai is mei bedoeld om mear froulju oan it baljen te krijen. Elkenien kin meidwaan en nei de tiid is der in noflike neisit. Ik haw heard dat der yn de folgende Treffer in wiidweidich ferslach komt.

Wolle jim oars noch wat kwyt?

It bnefalt ús hjir prima by de klup en in komplimint oan alle frijwilligers. It kompleks leit der altite tige kreas by.



(WW)

Op syk nei âlde Treffers

Wy binne noch altiten dwaande om ús Trefferarchyf kompleet te krijen. Dêrneist binne de treffers dy 't wy al hawwe digitalisearde en werom te finen op de SDS-side. Jim kinne se fine op de SDS-side. Dit stiet ûnder:

www.vv-sds.nl-klupyngo

Hjir steane hast alle Treffers fan 1970-1999 en alle Treffers fan 2000 oant en mei no.

Wy hawwe se dus noch altiten net kompleet. Sa misse wy ûnder oare nûmer 1 en 2. Soe der noch immen earne op souder, yn de kelder, yn de klús of yn in âld sok dy earste eksimplaren hawwe? Wy hoopje it!

Dizze Treffers misse wy noch:

- Treffer novimber/desimber 1980
- Treffers út 1978
- Treffers út 1977
- Treffer nûmer 9 1974
- Treffer nûmer 10 1974
- Treffer nûmer 8 1973
- Treffer nûmer 6 1972
- Treffer nûmer 5 1972
- Treffer nûmer 3 1971
- Treffer nûmer 2 1970
- Treffer nûmer 1 1970

Hawwe jim noch sa'n âlde Treffer lizzen, nim dan kontakt op mei Aant Hofstra fia de mail: sds-nijs@home.nl.



It 27^e Meinte Sixma-toernoai

Op woansdei 20 oktober wie wer it jierlikse Meinte-Sixmatoernoai. Dit kear al foar de 27^e kear. Dit toernoai wie foar de jeugd fan ûnder de 13 jier tegearre mei dy fan vv Nijland. It waard wer in alderaardichste middei, mei allinnich mar winners. Want ien ding stiet foarop by it Meinte-Sixmatoernoai; meidwaan is it wichtichst en dat is in prijs wurdich. Hjirûnder in pear foto's:





Alle vrijwilligers tige by tige!
 Namens JC vv SDS/Nijland

Tjerk van der Pol

SDS'er om ústens; Arjan Posthumus

Ald-SDS'er Arjan Posthumus komme wy eins ien kear per jier tsjin en dat is as SDS 1 tsjin sc Bolward oefent yn de simmer. Earst fuotballe hy noch by sc Bolsward, mar it liket der op dat hy de skuon no yn de wylgen hong hat. Wy binne wol benijd hoe ýt it mei him is en sa. Wy namen kontakt mei him op.



Hoe is it mei dy?

Mei my giet it poerbêst

Arjan mei syn suske Agnes

Wêr wennesto no, wat foar wurk dochst en hast ek in relaasje en sa?

Ik wenje no yn Wolvegea mei myn freondinne. Wy hawwe foarich jier ús hûs ferkocht yn Boalsert. Wy hawwe in nij hûs boue litten yn'e Lindewijk yn Wolvegea. Dat is in nijbou buert neist Van Der Valk.

Ik wurkje no 6 wiken by Hospital Logistics yn it Hearrefean. Ik bin dêr frachtweinsjauffeur en ik ferfier alles wat MCL, Tsjongerschans en it sikenhûs fan Meppel nedich hawwe. Foar dit wurk, haw ik 12,5 jier wurke as militêr by de Luchtmacht op Fleanbasis Ljouwert.

Dêrneist haw ik al 15 jier in relaasje mei Henriëtte van Weperen en noch altiten hiel lokkich mei har en ús twa katten. We binne net troud en hawwe ek gjin bern.

Fuotballest eins noch?

Nee ik fuotbalje net mear. Ik bin yn 2019 stoppe by SC Bolsward. Ik hie gjin nocht mear yn it fuotbaljen. Ik bin op in moai momint stoppe. Want sa haw ik noch in hiel moai ôfskie hân krekt foar de Corona útbruts.

Ik bin nei it fuotbaljen oan it hurddrafen gien. Ik wol namelijk binnen in pear jier de maraton fan New York en Boston dwaan.

Hoe sjochsto werom op dyn tiid as fuotballer by SDS?

Ik haw in hiel moaie tiid hân by SDS. Ik haw altiten op in moai nivo fuotballe mei goede fuotballers. Mar ek de tredde helte wie altiten fantastysk en gesellich.

Mei welke jongens hasto yn it ferline in soad fuotballe?

Fanôf de jeugd oant de senioaren haw ik folle fuotballe mei Sjoerd Rispens, Bote Strikwerda, Jelte de Boer, Mark Postma, Dirk de Jong, Albert Jan Kamstra, Geert Dijkstra, Tjerk Okkema, Redmer Strikwerda en Erik Haitsma. Allinich by de senioren haw ek folle fuotballe mei Jacob Klaas, Tsjipke Klaas, Harm Stremmer, Skelte Anema, Jaap toering, Hendrik de Jong, Syb Overal, Jan Simon, Pieter Kamstra, Anne Stenekes, natuerlijk Willem Wijnia, Stefan van

Krimpen, Marten Faber, Dirk Yde Sjaarda en Feiko Broersma. En ik sil fêst noch wol in pear nammen ferjitten wêse.

Wat wie dyn hichtepunt as fuotballer by SDS?

Myn hichtepunt wie toen ik as spits de winnende skoarde foar SDS 2 yn de neikompetysje wêr troch we wer promoasje makken nei de reserve 1ste klasse. De beslissingswedstriid wie doe yn Leek op it fjild fan V.E.V '67. Hylke Schrale wie doe trainer.

In oar hichtepunt is de tiid yn'e F'kes en E'tjes. Wy hienen doe in hiel goed team mei twa fantastistyske liederen. Dat wienen Simon Kingma en de mem fan Jonnie Sikkema. We wûnen doe alles. Sa wol op it fjild as yn'e seal.



Binne der ek djiptepunten west?

Myn djiptepunten wie de degradaasje mei de A1. Toen degradearden wy fan de Haadklasse nei de 1^e klasse.

Mar ek degradaasjes mei it twadde en yn it earste fan SDS.

Folgest SDS ek noch?

Ik folgje SDS noch altiten fia de SDS-webside en ek foar de útslagen fan SDS 1 op Voetbalnoord.nl.

Hoe sjochsto no as bûtensteander nei SDS?

Ik sjoch as bûtensteander nei SDS as in hiel gesellige en sportieve klup.

It hat in moaie sportpark en it fielt toch alltiden in bytsje as thúskommen.

As lêste noch efkes: hoe sjocht dyn SDS-superalve der út:

Ik haw neitocht oer hoe't myn superalve der út sjocht, mar ik haw troch de jierren by de jeugd en by de senioren my te folle goeie fuotballers fuotballe om dêr út in superalve meitsje te kinnen.



SDS A1 rûn 2000:

Boppe: Sjoerd Rispens, Kees Adema, Mark Postma, Dirk de Jong, Sybren Nauta, Johannes Dotinga en lieder Willem Overal.

Sittend: Tjerk Okkema, Arjan Posthumus, Bote Strikwerda, Geert Dijkstra, Jelte de Boer, Albert-Jan Kamstra en trainer Robert Hoekstra.

Sjogge wy dy ynkoarten ek wer ris efkes del kommen by SDS?

Wy ferwachtsje dy sawisa by it jubileum folgend jier fansels.

Ik bin seker fan doel te kommen by it jubileum folgend jier en ik sil ek wol wer es by SDS del komme. It fielt altiid toch wol wer aardich om dêr wer te kommen.

Dankewol Arjan! (WW)

Hite nûtsjes

Fynsto it ek sa apart dat je gokreklames sjogge by fuotbalwedstriden?

Ach ja, alles foar it jild. Sûnt in skoftke binne dy goksites toch tastien? Dan wie it wachtsjen op reklames by fuotbalwedstriden. Der binne alle dagen in soad mooglikheden om in gok te dwaan. Spitich dat der mar in pear minsken echt ryk fan wurde en de rest der bekaaid as minder ôf komt.



Soe der ek in soad yn it amateurfuotbal goks wurde? Dat Jaap foar in bankie nei 5 minuten de bal oer de efterline rinne lit foar de earste korer fan de wedstriid?

Grif! Mar ik betwifelje as it al oan de 3e klasse ta is.

Wat do?

It ienige wat der yn de 3^e-Klasse bard is dat je wolris in pear kratsjes bier krije kinne as je fan in bepaalde klup winne. Ik wit dat vv Nijland sa wolris in pear kratsjes de SDS-kantine ynsjoud hawwe doe 't SDS wûn fan in konkurrint fan vv Nijland.

Hasto yn it ferline ek ynsetten op fuotbalwedstriden?

Nee. As ik alris in muntsje oer hie, dan gie dy yn de kast fan de Sporthal, Kafe Bergsma, it Fôltsje, de Jimbar as ien of oar snústerich hok earne oars.

Ek net op dyn eigen wedstriden?

Ek net, al haw ik wierskynlik wolris dy yndruk jûn as ik in bal op knullige wize fleane liet....

Hoe is dat by dy? Do hast noch al wat wedstriden balle. Is der yn de katakomben fan de Trije nea ris in mantsje/froutsje mei in fersyk oangeande in oertreding yn de 4e minut as soksawat by dy kaam?

Ut de gek hat ien wolris wat sein, mar dêr gienen wy nea op yn. Sawisa as wy ien kear dwaande wienen dan woenen wy mar ien ding en dat is winne.

Fynsto it ek sa krom dat der wol bier dronken wurde mei by fuotbalwedstriden, mar dat der net mear smookt wurde mei?

Ik haw noch nea ien in pakje peuken op it fjild smiten sjoen....

Ach ja jong, de sûnensplysje is net mear te stopjen. It betערlevenkeurmerk moat tsjinwurich op elke publike foarsjenning plakt wurde.

Der mei ek hielendal niks mear.

“Ik haw noch nea ien in pakje peuken op it fjild smiten sjoen....”

Moatte se dit ek ferbiede by amateurwedstriden?

Nee. Al soe ik my noch foarstelle kinne dat der moarns by de jeugd net smookt wurde mei oan de rânefan it fjild.

Wat is de stân fan saken by it frouljusfuotbal? Komt der wolris in skout fan in (noch) bettere klup?

It stiet der knap foar by de Vr.1. De nije trainers hawwe it aardich oan de gong en dan komme de punten fansels.

Ik haw noch nea in skout sjoen fan in oare klup, mar Tjitske Heeres fuotballet neffens my no by Knickerbockers en Jeska Terpstra by Blauw-Wit. Je hoefe gjin skout te wêzen om te sjen dat sy knap fuotbalje kinne.

Hoe kin it dat Ajax yn Europa sa goed is en yn eigen lân sa no en dan net thus jout?

Gjin gruttere tsjinstanner as ûnderskatting. Je witte sels ek wol hoe soks giet. Je sitte freedse efkes langer yn de Jimbar as je tsjin de ûnderste moatte en ferfolgens krije sneons de bal mei gjin mooglikheid yn de goal. In topfuotballer is by tiden krekt in ècht minsk.

Oer in pear wiken is it tiid foar de derby. Hoe komt it?

Ik tink dat sy ynkoarten it Cambuurplein wol fêst skjinfeie kinne. Dan kinne dêr de trekkers stean. De Cambuursupporters sille wol foar strie soarge hawwe yn it Feanfak. De wedstriid is op snein 10 desimber al om 12.15 oere, dus de Cambuursupporters rôlje sa de kroech út it stadion yn....

Wa hat der eins in better ploech? Cambuur of Heerenveen?

Cambuur hat in goed ynspile ploech. By Hearrenfean begjint it te kommen, al sit it noch net mei. Wat spilers oangiet, sil it per posysje wikselsje hokker ploech de bettere hat. Uteinlik is sa'n derby in wedstriid op sich.

En wat wurdt it?

DKV - SCH 1-2😊

Wat tinksto?

Dat soe moai wêze! Ik set 50 euries op 2-1. Dan haw ik dochs noch wat as sc Heerenveen ferliest... Dan smeitsje de hite nûtsjes krekt wat better.....

**Sjoch foar al it aktuele
SDS-nijs elke dei op
www.vv-sds.nl!**

Sealfuotbal

Je kinne it je hast net mear foarstelle dat er in jûn gjin fuotbal op tillefyzje is. At it net in lanlike kompetysje is, dan is er wol wat ynternasjonals te sjen. Om it ús as sjoggers nei de sin te meitsjen ferdiele se it oer alle oeren op alle jûnen fan de wike. Net dat ik alles sjoch mar it fielt suver ûnwennich at er neat is, útsein de Malediven tsjin Guinee.

Woansdei 13 oktober is it sa'n dei. Gjin fuotbal op tv mar wol yn de sporthal yn Easterein. Om 20.00 oere meie de seis jonges en twa mannen fan SDS 1 it opnimme tsjin FFS 1.

No hie ik der jierren net west mar it fielde gelyk wer fertroud. Want neist de sân jonges Sjoerd, Douwe Jan, Robin, Tjitse, Pieter, Steven en Mark, dy't ik op it fjild ek regelmjittich aktearen sjoch, sjoch ik twa "âlde bekenden".

Hoefolle fuotballers der de lêste jierren (tydlik) in oerstapke makke hawwe nei de seal kompetysje wit ik net, mar dat se dan fuotballe ha mei de twa Snitsers, dat is wol wis



Jacob Oostra en Pieter de Vries binne der noch altiten bij. Pieter al 27 en Jacob 26 jier. "Bin 26 jier troud, dus kin ik aardich goed ûnthâlde wannear ik begong bin bij SDS". De jonkjes fan doe binne no de feteranen dy't it lêste diel fan de wedstriid iets langer op de bank sitte. Dat wolle de feteranen fan FFS ek graach want sij kinne it net bijhâlde dizze wedstriid. De iene nei de oare krukt op it lêst.

De jongerein fan SDS, mei de twa feteranen falle foaral oan en litte mar ien ding nei: skoare. Dat kost in soad muoite. Twa kear (Sjoerd en Douwe Jan) is wol wat minimaal. Dus bliuwt it spannend omdat FFS ek noch in kear skoare kin.

At skiedsrjochter Willem Wijnia it

lêste sinjaal jout hat SDS 1 de trije punten te pakken. Neist FFS, binne Haskerland, GAVC, NTW en trije teams fan futsal Heerenveen de tsjinstanners.

Op de wepside kinne jim de teamfoto fan SDS fine. Dat is in momintopname want it wikselt wol gauris fan besetting. Allinne dy twa út Snits dy stean al 26 jier op alle teamfotos.

Aant

In fruitmandsje bringe by Jan Stenekes

Sneon 9 oktober wienen Armin Stenekes en Redmer Politiek pupillen fan de wike by SDS 1 – Tonego 1. De heit fan Armin, Jan, wie der te sjen en wie, nei yn it ferline sels jierren by SDS fuotballe te hawwen, lyk wer enthousiaist. Hy woe dan ek graach mei syn bedriuw Kick-Jongenscoaching wedstriidstiper wurde by in wedstriid fan SDS 1 sadat der gau wer ris del komme kin. Oant de 84^e minút..... Jan krige in bal fanút it fjild fan sa'n 4 meter ôfstân fol op de noas. Dizze kaamtige hurd oan, want ynmiddels binne wy al 3 wiken fierder en Jan leit noch altiten op bêd.... Wy sille efkes by Jan heare hoe as it no is.



Wêr hast presys lêst fan?

De holle!

Kinst dy it foarfal noch wat heuge?

Jaseker, hy komt 's nachts nog faak foarby.

Fernaamdest doe lyk dat it mis wie?

Ik wie bliid dat de toskten der nog yn sieten en de noas net stikken wie, fierder toch ik dat it wol wat tafoel. Twa dagen letter kryg ik pas echt lêst. Knallende pine kop en gjin lûd en ljocht ferneare kinne.

Wat sei de dokter?

Dat it nei in wike as 6 wol oer weze moat as ik my rêstig hâld. Dus dêr hâld ik my mar oan fêst. We sit no op 4 wike.

Hast wol it idee dat it langsum better giet?

It giet echt ferdomde langsum mar der binne sa no en dan wol wat bettere dagen. It lestige is dat je dan gau wer wat tefolle doche en der de dagen dernei wer lest fan ha.

Wolsto noch altiten wedstriidstiper wurde?

Jawis, ik mei dan de bal fersoargje en dat wurdt dan in foam bal sadat ik de wedstriid feilich sjen kin.....

Jan, in hiele protte sukses mei dyn herstel!

Wy hoopje dy gau en faak by SDS te sjen!

(WW)

In kraammandsje bringe by Mark Postma

Op freed 23 july hawwe Mark Postma en syn freondinne Anita twa lytse poppen krigen. Neist lytse Esmee binne Linde en Felien no de oare twa dochters. Wy binne wol benijd hoe 't Mark him hâld tusken al dy froulju.



Hoe is it mei dy?

Prima. Ofrune sneon lekker yn de rein balle tsjin Hearenfeanse Boys 4. It wie in moai iepen potsje.

Op 23 july hawwe jim mar leafst twa lytse poppen krigen. Hoe giet it mei Felien, Linde en mem?

Linde en Felien dogge it goed. De start wie wol efkes hektysk en se belannen nei in wike as 5 wer yn it sikehus mei it RS-virus. No giet it goed. Se sliepe, ite, poepe, gûle en laitsje. Lekker smúk sa tegearre. Lökkich krije wy ek wer wat mear nachtsliep en in normaal ritme, en dat docht mem, en Esmee en heit, goed.

Mei Esmee har suskes ek wat lije?

Ja dat giet hartstikkene mooi. Se mei graach helpe mei wat han en span tsjinsten rûnom de foedingen. Fansels mei se ek graach oer de kopkes aaie en tútsjes jaan. Moai om te sjen dy (begjinnende) interaksje tusken de famkes.

Do bist no fansels trijedûbel sa bliid asto sneons efkes fuotbalje kinst by SDS 3?

Haha. Kees omskreaun it wol mooi lêsten yn it wedstriidferslachje. 'Efkes ta aktive besinning komme yn it (fuotbal)fjild. Teamgenoaten, in bal en lyts slokje meitsje de middei kompleet.

Hasto no noch wol tiid oer om in bytsje fit te bliuwen?

Momenteel bin ik wat minder aktyf. De fokus leit no wat mear op rêst en de basiskondysje, it aktivere komt wol wer. Hoewol, de ôfrûne tiid krij ik rûnom it húshalden ek genôch beweging.

Wat tinkst, oer in pear jier in trije nije frouljusfuotballers by SDS?

As sjochst se oer in pear jier in oare sport dwaan?

We sille sjen. Ik sjoch se ek wol iets dwaen mei dunsjen en sjongen ofsa, en dat soene se dan net fan heit ha. Esmee mei yn elts gefal wol graach nei it skoalpleintsje, en it fuotbalkoaike. En dat fynt heit ek wol leuk. Se fûn it NK-ôfstannen yn Thialf op tillevisje trouwens fan it wykein ek wol leuk.

Wolst oars noch wat kwy? Bedankt foar it kaartsje.

Mar noflik genietsje fan lytse Linde en Felien! Wy hoopje harren gauris mei Anita en Esmee oan de line te sjen by SDS 3. (WW)

Kontaktpersoan - Sippie Sijbesma

Sippie is koördinator foar de 'nije Nederlânders' binnen v.v. SDS.

Foar in oantal jeugdleden út Wommels e.o. is sy de kontaktpersoan by bysûnderheden yn it fuotbal.

It measte krije de leden mei fanút hun lieder as trainer, mar ek in gedeelte wurdt fergetten as krije se net mei. Nijs dy op'e side stiet ofsa.

Sippie giet dan by dizze gesinnen del om se bygelyks te herinnerjen oan in jeugdtoernoai as in oare aktiviteit.

Binne der fanút dy as lieder/trainer fragen as ha jim ergens hulp by nedich?

Sykje kontakt mei Sippie

Har til.nûmer: 06-37437568



Sporthal & Sportkafé

De Greidhoeke



0515-332290

info@degreidhoeke.frl

www.degreidhoeke.frl

Follybal - Tennis - Badminton -
Sealfuotbal - Basketbal - Kuorkebal
- (Muorre)keatsen - Gymnastyk

Plestik fleskes sparje foar in pannakoai!

SDS soe graach in pannakoai hawwe wolle om bern de mooglikheid te jaan altiten fuotbalje te kinnen wannear as sy mar wolle. Troch de oanlis fan it keunstgêrsfjild is der al de mooglikheid om altiten traine te kinnen en no wol SDS dit graach fierder lûke. Fuotbaljen lear je úteinlik it meast troch safolle mooglik as kin te fuotbaljen.

No 't der staasjeild kommen is op plestik fleskes hawwe wy it idee opfetten om dit fjild te sparjen foar in pannakoai. Yn de kantine stiet in kontener wêr as dizze fleskes yn kinne. Der steane ek moaie posters oan te kommen wêrmei dit ûnder de oandacht brocht wurdt.

It is moai om te sjen dat syn Wommels ek drok dwaande om it foarmekoar te krijen om dêr in pannakoai te krijen. Je kinne it plan yn Wommels stypje troch op dizze webside op it plan fan Wommels te stimmen. De earste 10 projekten krije €2500,-: <https://www.samenfitter.nu/het-beste-idee/i/ideeen-particulier/ontmoeten--bewegen--verbinden-young-meets-old-old-meets-young-ingediend-door-projectplan-wommels-beweegt>

Syb Overal en Robert Hoekstra sitte yn de 'pannakoai-kommisje' en dizze sil ynkoarten útwreiden wurde. Liket it dy ek wat om hjir oan mei te helpen? Nim kontakt op mei Syb of ien fan it bestjoer.



Yn Nijlân is koartlyn krekt in prachtige grutte (swart-wite ;) pannakoai yn gebrûk naam.

SDS-klean (1)



Wolle je ek yn SDS-klean rinne of in moaie SDS-tas of sa bestel dit dan op ús webside www.vv-sds.nl sjoch rjochtsûnderyn en druk op:



Dit is der allegear te krijen:

SDS-tas: €33,-

SDS-rugzak: €31,-

SDS-trainingspak: €42,-

SDS-trainingsbroek: €25,-

SDS-trainingsbroek kort: €18,50

SDS-sweater: €25,-

SDS-midjack: €47,50

SDS-trainingsshirt dry-fit: €21,50

SDS-polo: €21,-

SDS-hooded sweater €32,-

SDS-hooded damesvest €32,-

Op fersyk fan SDS leden kin der ek losse trainingsbroeken besteld wurde. Binne jim fan plan noch SDS klean te keapen, skilje dan efkes nei:

Douwe Dirk Reitsma (332500), want SDS hat wat SDS-klean op foarrie.

Hjir kin efentueel ek past wurde.



SDS-sjaals

Der binne noch altiten SDS-sjaals te krijen. Sy koste €12,- en binne te krijen by Douwe-Dirk Reitsma:

Tel: 332500

of mail nei

douweenjetreitsma@hetnet.nl



SDS-klean yn de útferkeap! (2)

Op **sneon 20 novimber** sil Douwe-Dirk Reitsma mei de SDS-klean dy 't wy noch op foarried hawwe yn de kantine stean. Dizze klean wurde ferkocht foar de helte fan de priis; Dit binne dan de prizen:

Trainingspakken	€ 20
Sweaters	€ 12,50
Workshort (koarte broek)	€ 10
Workpant (trainingsbroek)	€ 12,50
Hoodies (sûnder rits)	€ 15
Hoodies (sûnder rits)	€ 15
Ladys vest (mei rits)	€ 15
HPCL (mei rits en capuchon)	€ 20

Op = op!



De SDS-sokken binne net yn de útferkeap. Dizze binne eltse sneon te keap yn de bestjoerskeamer foar €10,-

SDS-paraplu

Der binne folop SDS-paraplú's te krijen. Sy koste mar €15,-.

Sy binne net allinnich ideaal om mei hjerstich waar oan de kant fan it fuotbalfjild op te hawwen, mar kinne ek tsjin de sinne brûkt wurde.

Oan de SDS-paraplu sil it net lizze.

Bestel se fia info@vv-sds.nl. Sy binne ek yn de bestjoerskeamer te krijen.



Persoanlik

Wy stelle jim graach foar oan: Sander Vriesema	
Namme	Sander Vriesema
Berne	20-12-2009
Yn Wommels, Easterein as....	Itens
Skoalle	SBS de Romte (Itens)
By SDS sûnt	2016
Team	JO13-1
Gjin fuotbal, dan...	Keatsen
Favorite klup Nederlân	SC Heerenveen
Favorite klup bûtenlân	Manchester City
Beste trainer	Guardiola
Beste fuotballer yn Nederlân	Dusan Tadic
Beste fuotballer yn it bûtenlân	Virgil van Dijk
Favorite fuotballer SDS	Lieuwe Vriesema
Beste keeper	Jaap Toering
Favorite posysje	Centraal achterin
Sterkste punt	Duelleren
Swakste punt	Ingooien
Moaiste stadion	Tottenham
Idoal	Virgil van Dijk

<i>Hichtepunt</i>	Alle oanfallen tsjinhâlde
<i>Djiptepunt</i>	Lêste minut goal tsjin
<i>Moaiste goal</i>	Mei links yn 'e krusing
<i>Skoudertriuw as tackel?</i>	Tackel
<i>Boas om</i>	Slecht spielje
<i>Flinters yn de búk fan</i>	Moat nog gebeure!!!!
<i>Tillevysje</i>	Stuk TV / Freek Vonk
<i>Muzyk</i>	Snelle
<i>Lekkerste iten</i>	Pannekoek
<i>Minst lekkere iten</i>	Boerenkool
<i>Bakje patat of broadsje sûn?</i>	Patat
<i>Drinken</i>	Sinas
<i>Spulkompjoeter of bûten boartsje</i>	Foaral bûten!
<i>Favorite game</i>	Fortnite en Fifa
<i>As ik skoar dan fier ik dat sa....</i>	Mei myn team
<i>Cambuur of SC Heerenveen?</i>	Ajax
<i>Kampioen Eredivisie 2021-2022?</i>	SC Heerenveen
<i>Moaiste sjurt</i>	Manchester City
<i>Lelijkste sjurt</i>	Uit shirt van Juventus
<i>Fuotbalskuon</i>	Adidas
<i>Rjochts of lofts?</i>	Rjochts
<i>Gers of keunstgers?</i>	Gers
<i>At ik letter grut bin dan....</i>	Bin ik bioloog of bistendokter

SDS -Look-a-likes(31)

Fine jim in SDS'er op in fuotballer, in bekende Nederlander, in Dútser, in blomkoal, Doutzen Kroes of oars ien of wat lykjen mail ús dan in foto. It leafst fansels ek efkes mei de foto op wa 't jim degene lykjen fine. Wy binne hiel benijd. Mail jim SDS-Look-a-like nei DeTreffer@vv-sds.nl
Dizze kear mei tank oan Allert, Hendrik en Tjerk.

Jaap Toering as Frenkie de Jong:



Hendrik de Jong as Beeker fan de Muppet-Show:



Inne Heerma as Dennis Schouten(Roddelpmaat):



Kees'Kollum; 'G20'

'Konkrete stappen', sei foarsitter Wijnia doe't hy it wurd naam op it kongres fan de G20; de tweintich Fryske amateurklups dy't it klimaatprobleem "gewoan" oplosse wolle.

Wijnia hie sels sels it goeie foarbyld naam troch de oankeap fan in pear nije kistjes mei wer in jier út te stellen en makke in statement mei de tekst op syn swarte shirt.

Op de fraach wat de Fryske klups dwaan koenen om it klimaatprobleem op te lossen, waard opfallend faak nei Easterein sjoen.

"Wy hawwe spesjaal in drukkerij as sponsor socht sadat we de sjurts en buorden mei de lêste restjes inkt bedrukke kinne". Dat it sponsorboerd fan Brouwer skilders der mei de kleuren donkerbrún en ljochtbrún fanôf kaam waard net dreech opfetten. "It docht tinken oan ús twadde húskeamer", aldus Brouwer sr., "Boppedat stiet it boerd oan de oare kant fan it fjild. Gjinninsk dy't it sjocht".

Ponghâlder Postma die ek in 'duit yn it sekje' foar it beheljen fan de klimaatdoelstellingen. Ynstee fan nije blockchain-technologie foar it byhâlden fan de kontribúsje hie Postma júst krekt de bloknote fuortdien. "Ik doch alles út de holle. It bytsje kasferskil waget net op tsjin de bulten *bits* en *bytes* dy't wy no besparje".

Wylst Postma in nije haal oan it Draaiend Rad die: 'We joue al 5 jier deselde drûge woarsten fuort. Gjinninsk dy't it troch hat en se wurde eltse kear dochs wer ynlevere nei de tiid'.

De measte oandacht gie út nei de griene jeugd fan SDS. "Alderearst binne wy manmachtich bliid dat se al it augurkensap fan de lokale LIDL's opdrinke, ynstee fan bier. De glêzen potten geane no skjin de kontainer yn en wurde somtiden net iens mear omspielt foar de twadde runde".

In steande ovaasje krige SDS mei harren nije visie: "De jeugd is mear as augurkenkonsumant. It belied fan ús technyske kommissie is om no aktyf ús grutste talinten oer te bringen nei buurtklups lykas Skearnegoutum en Littens mei de ambysje om oer 15 jier yn deselde kompetysje te spyljen. Dan kin de auto fuort en spylje wy allinnich noch mar regionaal".

Hey ho, let's velo!



“Hey ho,
let's velo”

(KA)

Slút je oan by GEKE en stypje SDS!

Sa't jimme witte is der fanút doarpsbelang Hâld Faesje fan Easterein in enerzjy koöperaasje oprjochte:

Griene Enerzjy Koöperaasje Easterien. GEKE

Wat wolle sy?

GEKE hat as doel it befoarderjen fan de leefberens en duorsumens yn Easterein.

Mar hoe wurket dat dan?

GEKE is 'wederverkoper' fan stroom en gas fan Energie VanOns. Dit is in enerzjyleveransier dy't oprjochte is troch alle koöperaasjes meiinoar út Fryslan, Grins en Drinte. Energie VanOns keapet stroom en gas regionaal yn en lit de opbringsten fia de koöperaasjes wer werom floeie nei de doarpen. GEKE kriget as wederverkoper € 75,- per oanslúting per jier. Mei dit jild kinne we projekten dwaan om in duorsum doarp te wurden, mar we kinne it ek breder ynsette troch ferienings finansjeel te helpen om sa de leefberens te befoarderjen.

Wat is it idee?

GEKE wol yn gearwurking mei de ferienings fan Easterein sjen om safolle mooglik leden te krijen. It idee is dat elke feriening syn leden freget mei stroom en gas oer te stappen nei GEKE. De fergoeding foar de feriening is € 37,50 per oanslúting en € 37,50 euro is foar GEKE dy't dit ynsette sil foar de duorsumens yn Easterein. Dus stappe der 10 leden oer dan krijt SDS € 375,- per jier.

Wy tinke mei GEKE dat dit in prachtige manier is om oan ekstra sinten te kommen foar SDS! SDS is fan doel om dit jild te reservearen foar b.f. in pannakoai of mei de tiid in nije toplaag foar it keunstgersfjild.

Binne jo ynteressearre meldt je dan sa gau as mooglik oan by GEKE oan op de mail fia: info@geke-easterein.nl en jou oan dat je SDS stypje wolle!

GEKE GRIENE ENERZJY
KOÖPERAASJE EASTEREIN

Binne der fragen, as wolle jimme dat ien fan GEKE del komt om dit fierder ta te ljochtsjen, sjoch dan op de webside fan GEKE (<http://www.geke-easterein.nl/>) of nim kontakt op mei ien fan de bestjoersleden fan GEKE: Fedde Wiersma, Gerrit Bergsma, Johannes Dijkstra, en Marcel Janssen



SDS-webside bestiet 19 jier

Tongersdei 4 novimber 2002 gie de SDS-webside de loft yn, dus dat betsjut dat dy ynmiddels alwer 19 jier yn de loft is. Yn de rin fan de jierren is der al it ien en oar feroare. Yn 2002 wienen wy ien fan de earste fuotbalklups mei in webside en tsjintwurdich hat eltse fuotbalferiening wol in webside.

Yn de Koronaperioade waard de webside eltse dei besocht troch 100 oant 200 lju deis. No 't wy wer wat fuotbalje sit it websidebesyk tusken de 200 en 300 besikers deis. Dit hat yn it fiere ferline wolris sa'n 400-500 west, mar de ôfrûne jierren is dit aardich stabyl. Wy merke wol dat de jeugd hieltiten minder op de webside sjocht. De SDS-side bliuwt it plak wêr de measte nijsberjochten fan SDS op stean. Dus as je op de hichte bliuwen wolle dan is it ferstannich om in pear kear per wike op de webside te sjen. Der is net allinnich de standaard ynfo te finen oer SDS, mar ek bygelyks âlde Treffers, aardichheidsjes, histoarje, de klupagenda, alle teams fan SDS, de SDS-kanon, de SDS-websjop en noch folle mear. Sjoch dus gauris op **www.vv-sds.nl**.

Best besochte dagen yn 2021:

26 april: 509 (SDS online-pubkwis)

13 july: 478 (útslach SDS EK-League)

24 maart: 422 (nije stân fan de SDS-League liet efkes op him wachtsje)

26 febrewaris: 284 (Rick Hendriks wie jierdei)

Freed 2 april hat de webside mooglik út de loft west, want doe wienen der mar 3 besikers. Heechstwiarskynlik de beide webmasters en Jaring Rispens fan 5Online.....



Dit wie de webside yn 2008 en sa sjocht hy der op it stuit út. De nije webside is sa ek goed te sjen op de tillefoan.

Ut de âlde doaze

50 jier lyn fuotballe SDS 1 yn de 1^{ste} klasse FVB.

Se einigen op in 5^{de} plakje.

It jier dêrnei soene se kampioen wurde en foar de twadde kear promovearre nei de KNVB 4^{de} klasse (dat wie doe de leechste klasse).

Ir seizoen 1971-1972 levere 7 oerwinningen op, waard er 10 kear gelyk spile en wie der mar 3 kear ferlies. SDS skoarde 33 kear en topskoarder dat seizoen wie Jan de Jong (heit fan Hendrik en Dirk) mei 8 doelpunten.

AK de Boer fan Spannum skoarde 6 kear en Jan de Boer makke der 5.

Durk Ypma, Geert Hiemstra, Theo Jelsma, Siepie Visser, Jan van Asselt en Fedde Ypma makken ek ien of mear doelpunten.

Memorabele wedstriid wie dy tsjin Makkum. Neffens it ferslach hurd en wie der komoasje oer in bûtenpulsiteasse mei in doelpunt fan Makkum.

Sommige SDS supporters wiene it dêr net mei iens en kamen it fjild op. (Je kinne it je hast net foarstelle)

De wedstriid waard staakt.

SDS—DWP 6—2

OOSTEREND. Op een zwaar, maar goed bespeelbaar veld ontving S.D.S. het vroeger zo gevreesde D.W.P., dat echter blijkens het spel van zaterdag wel eens betere tijden heeft gekend. Overigens begon ook de thuisclub niet sterk. D.W.P. kreeg de beste mogelijkheden, maar profiteerde niet. Na 20 minuten kwam S.D.S. fortuinlijk aan een voorsprong: een foutieve terugspeelbal bleek te machtig voor de DWP-keeper en Siepie Visser kon gemakkelijk scoren.

Uit een scrimmage werd het door Jan de Jong vlak daarna 2—0. A. de Boer, die eerst een best schot gestopt zag door de doelman, scoorde met een prachtig diagonaal schot de derde treffer en vlak voor de rust maakte Jan de Jong van een totale ontreddering in de DWP-defensie gebruik: hij doelpuntte uit volkomen vrije positie (4—0). De gasten deden maar weinig terug. Slechts eenmaal moest keeper Tjerk Okkema languit naar de hoek, om zijn doel schoon te houden.

In de rust deed SDS het wat kalmer aan tegen de sportief volhoudende DWP-ers. Jan de Boer scoorde fraai het vijfde doelpunt voor SDS, maar in het laatste kwartier kregen de gasten loon naar werken. Tweemaal liet de niet meer zo geconcentreerde achterhoede van SDS zich passeren, en daartussen door bepaalde Siepie Visser de eindstand op 6—2. Ruimschoots verdiend, want de SDS-ers beheersten het voor scheidsrechter Zeldenrust niet moeilijke treffers volkomen.



(AH)

Doelpuntenmakers senioaren kompetysje 2021-2022

Oant 7 novimber hawwe wij de doelpunten bijwurke.

SDS 5 is it meast produktyf en SDS VR1 it minst. De matige produktiviteit fan SDS 1 falt ek op, want 5 doelpunten is te min om mei te dwaan. SDS Vr1 wachtet noch op de earste oerwinning.

SDS 5	SDS 3	SDS 2	SDS 4	SDS 1	SDS VR1	totaal
23	19	10	9	5	4	71

Dat de topskoarder oant no ta bij SDS 5 fuotballet, is in logysk gefolch fan wat hjir boppe stiet. Dirk Yde Sjaarda dy kin der wat mei en hij Jelmer Posthumus mei gemak efter him. Tjipke Klaas Okkema wit it net dit jier ek goed te finen. Neist dit ûndersteande rychje, binne der ek noch 21 spilers dy't ien kear skoard hawwe. Jim kin dat neisjen op de side, want dêr stiet meast de aktuele sitewaasje op.

	SDS 5	SDS 3	SDS 1	SDS 4	SDS 2	SDS VR1	totaal
Dirk Yde Sjaarda	12						12
Jelmer Posthumus		7					7
Tjipke Klaas Okkema		5					5
Arjen Los					3		3
Henk Postma	3						3
Robert Sijbesma	3						3
Broer Jacob Greidanus				3			3
Lieuwe Vriesema					2		2
Kevin de Haan				2			2
Frank Bervoets		2					2
Habtamu de Hoop		2					2
Hendrik de Jong			2				2
Femke Terpstra						2	2
Tjeerd de Vries				2			2

Aginda

Wannear?	Wat ?
4-nov.	SDS-webside bestiet 19 jier!
6-nov.	Sneek-Wit-Zwart 1 – SDS 1 g.n.t.
12-nov.	SDS-frouljustoernoai 7 tsjin 7
13-nov.	Beker/ynhel
20-nov.	SDS-klean yn de útfërkeap yn de kantine
20-nov.	Scharnegoutum 1 - SDS 1
23-nov.	Ynhel: Sneek-Wit-Zwart 1 – SDS 1
24-nov.	SDS-ledengearkomst om 20.00 oere
26-nov.	Lotting OFK Frjentsjer
27-nov.	SDS 1- CVVO 1
28-nov.	Al foar €10,- fia SDS nei sc Heerenveen - PSV
2-des..	Sinterklaasje mei SDS 1
4-des.	DWP 1 – SDS 1
11-des.	SDS 1 – Heerenveense Boys 1
18-des.	Beker/ynhel
18-des.	Foarrondes Krystsealtoernoai Frjentsjer?
26-des.	Foarrondes en finales Krystsealtoernoai Frjentsjer?
31-dec	Âldjiersdeisealfuotbalje yn de sporthal
8-jan-2022	SDS-nijjerssit
4-11-jan.	Foarrondes OFK yn Frjentsjer
15-jan.	Finales OFK yn Frjentsjer
22-jan.	Makkum 1 – SDS 1
29-jan.	SDS 1 - Willemsoord
18-maart	Sponserjûn SDS
10-aug.	SDS bestiet 75 jier!!

